

## Oantekens mienskiplike gearkomste wurkferbannen op tiisdei 4 oktober 2011 yn Hantumhuzen

**Oanwêzich:** FOW Hjelbeam, FOW Sleat, FOW Hegebeintum, FOW Dongeradiel (organisearjend)  
**Ofwêzich mei kundskip:** FOW Earnewâld, FOW Itens

**Iepenjen:** Foarsitter Kees Dyk fan it FOWD iepenet de gearkomste mei in wolkomswurd. Om't *Kneppelfreed* op 16 novimber o.s. 60 jier lyn is, en yn dizze tiid dat feit oer alle boegen betocht wurdt, begjinne wy dizze jûn mei 'in knypeach nei Fedde Schurer', sa't de foarsitter it seit: it sjongen fan trije lieten út *De gitaar by it boek*. Dat boekje belibbet op dit stuit in werprintinge, yn de nije stavering.

Wy sjonge: *It wynhûf*, *In spyltúch bin ik*, en *Brulloftsgasten*; it iene is wat bekender as it oare.

As ús sprekker Eelke Goodyk arrivearret mei syn soan Arjen, wurde sy tusken de bedriuwen troch troch de foarsitter wolkom hjitten.

No is it wurd oan de ôffurdigen fan de wurkferbannen. It is goed, dat tiid frijmakke wurdt om saken út te wikseljen lykas: hoe belibje wy de tsjinsten, hoefolle minsken komme der trochstrings yn de tsjinsten, wat dogge wy om mear minsken te lûken, kinne wy maklik oan foargongers komme, ensfh. De oare wurkferbannen sizze, dat it yn fakânsjetiid wolris dreech is om foargongers te krijen. Hantumhuzen hat yn july en augustus gjin tsjinsten, sadwaande is it dêr gjin probleem.

**Sleat:** yn it karbrief stiet ús wurkferbân oanjûn as F.O. Wurkferbân Súdwest Fryslân, mar no't ús boargerlike gemeente ek sa hjit, neame wy ússels F.O.E.T. (Frysk Oekumenyske Eare Tsjinsten); 1 x yn 'e moanne wurdt in tsjinst hâlden en 1 x jiers in jûn foar de achterban mei in sprekker. De lêste kear wie dat yn it nije 'Streekmuseum Gaasterlân' yn Sondel. Der komme trochstrings om en de by 30 minsken yn de tsjinsten. Wy hawwe no ek in link op de side fan [www.fryskow.nl](http://www.fryskow.nl)

**Hegebeintum:** alle 1e sneinen fan de moanne tsjinst, boppedat ekstra tsjinsten lykas mei Wite Tongersdei, krystdagen, Peaske ensfh. Der komme likernôch 40-50 minsken; by 't maitiid en by 't hjerst hawwe wy in kear kofjedrinken nei de tsjinst, en 1 x jiers in jiergearkomste. Wy wolle wat mear mei muzyk dwaan, om't it tal tsjerkegongers ôfnimt.

**Hjelbeam:** wy hawwe ferline jier novimber ús 35-jierrich bestean fierd; om de 14 dagen hâlde wy in tsjinst, en dan komme der sa'n 50-60 minsken. Ofrûne snein hiene wy in sjongtsjinst en dat giet dan sa: minsken kinne rom yn it foar in liet opjaan. Oanrieder! Sa'n sjongtsjinst is ek in oplossing, as in predikant útfalt om de ien of oare reden. Noch in oanrieder: 2 manlju út Frjentsjer hawwe lieten fan Fedde Schurer songen, yn in tsjinst mei as foargonger Yvonne Hiemstra: it wie in boppeslach!

**Hantumhuzen:** kofjedrinken is by ús nei alle tsjinsten, gewoan yn tsjerke; wy nimme sels alles mei, en it jout wat nofliks oan it barren; der is tiid foar neipetear, en moetsjen; de sfear is hiel bysûnder. Wy hawwe yn ús eigen tsjinsten (6 x jiers) altyd muzyk derby. Wy organisearje 4 tsjinsten jiers mei de Prot. Gemeente Hantum c.a. en dan soargje sy foar in foargonger út PTN-rûnten; wy besykje dan yn ús eigen tsjinsten ien út in oare 'tradysje' wei te krijen. Tip: besykje jonge muzikanten te krijen, dy nimme ek faak jongerein mei.

Folget it skoft; wy fertrêdzje ús: yn It Tiksel stiet kofje/tee klear, mei wat derby.

**Eelke Goodyk** is troch it FOW Dongeradiel útnoege om wat te fertellen oer Krúspunt, dêr't hy as fertsjintwurdiger fan alle FOW's in sit yn hat. Hy docht dat oan 'e hân fan in Power-Point-presintaasje, en foar de technyske kant hat er ien fan syn soannen meinommen.

Op it 1e plaatsje sjogge wy in kleurich skilderij fan Peter Vassilev: in tsjerkje yn it sintrum fan in doarpke, wat huzen deromhinne. Sa is tsjerke bedoeld: yn 'e midden fan de mienskip. Yn in koarte ynlieding krije wy te hearren wat Krúspunt is en wêze wol.

Krúspunt is de fuortsetting fan it Kristlik Frysk Selskip (KFS), dat oprjochte waard yn 1908 en dus 3 jier lyn syn ieufest fiere koe. Yn de earst jierren fan de 21e ieu waard dúdlik, dat it KFS syn bining mei de achterban wat oan it ferliezen wie; dit 'kompjûter-tiidrek' freget ek om in oare oanpak, dat sadwaande waard oer in 'platfoarm' as fuortsetting fan it KFS neitocht. In platfoarm dêr't alles wat mei Frysk yn de tsjerke te krijen hat, alle mooglike materiaal, sammele en ek weihelle wurde kin. It tsjil hoecht net op 'e nij útfûn te wurden; as elkenien wit dat er dêr it materiaal besette kin wat Frysk en tsjerke oanbelanget, dan soe dat prachtich wêze. It logo fan Krúspunt: in krús yn 'e midden, meardere wegen nei dat krús ta, en as 'paraplu' liket it wol, in read silhûet fan in pompeblêd.

As wy de hiemside fan Krúspunt besjogge, dan docht al bliken, dat Krúspunt aardich op 'e goede wei is. It is fansels net de bedoeling, dat de minsken, dy't in sit hawwe yn Krúspunt, hiele dagen achter de kompjûter sitte om alle ynformaasje by elkoar te sykjen. Nijs en ynformaasje moat safolle mooglik oandroegen wurde troch yndividuën en de organisaasjes sels. Sa ûntstiet in ynteraktyf platfoarm mei aktuele ynformaasje. It adres is: [ynfo@kruspunt.nl](mailto:ynfo@kruspunt.nl).

Stap foar stap besjogge wy fia de presintaasje de hiemside fan Krúspunt, mei hieltyd de útlis fan Eelke derby: alle ûnderdielen komme oan bar. Wy witte nei dizze jûn, wat wy dwaan moatte as wy wat te witten komme wolle op it mêd fan Frysk en tsjerke. Alles wat oant no ta oandroegen wurdt, stiet der op, en dat sil sa trochgean; de side sil útwreide en ek wer fernijd wurde. Tsjerketsjinsten, list fan Fryske foargongers, oar nijs, ynfo oer gemeenten en lanlike siden, lieteboeken, bernebibels, in foarum dêrst dy registrearje litte kinst, meiprate kinst en/of fragen stelle en antwurden jaan, liturgysk materiaal, folle net genôch! Eelke ropt ús op om te reagearjen op 'Fryske tajefte lieteboek 2012' en ek ris op it foarum te sjen.

Wa't noch net dielnimmer is of stiper kin in formulier dellade en him dêrmei opjaan:

[www.kruspunt.nl](http://www.kruspunt.nl)

Der is ek in link nei alle dielnimmers, en sa stiet bgl. [www.fryskow.nl](http://www.fryskow.nl) ek oanjûn, de side dêr't alle Frysk oekumenyske tsjerketsjinsten op te finen binne. Eelke freget ús om tenei ús jierprogramma's en oare bysûndere saken troch te jaan oan Krúspunt. En, komme wy op dy side wat tsjin dat ús net mear by de tiid liket (bgl. in dûmny dy't noch op de list stiet, mar net mear foargiet), lûk dan ek oan 'e belle. Ynteraksje is it biedwurd!

De foarsitter betanket Eelke en syn soan tige foar de moaie presintaasje en de heldere útlis, en langet Eelke in slûf mei ynhâld oer. It is dúdlik: Krúspunt hat nei dizze jûn gjin geheimen mear foar ús.

**Omfreegjen:** wa is yn 2012 oan bar om de mienskiplike gearkomste te organisearjen? Hegebeintum tinkt, dat sy dat binne. De skriuwer fan dit ferslach hat it foar de wissichheid neisjoen:

Hantumhuzen	2011
Hegebeintum	2012
Itens	2013
Earnewâld	2014
Sleat	2015
Hjelbeam	2016

**Sluten:** Wy sjonge liet 330 út it Lieteboek foar de tsjerken, in liet dat Fedde Schurer doedestiids yn it Nederlânsk makke, en dat yn it Frysk oerset is troch dr. Bernard Smilde. Kees betanket elkenien foar har/syn kommen en winsket ús in goede reis nei hûs ta.